

The Project Gutenberg eBook of Ljocht en Skaed: In mennich biskôgings, by Douwe Kalma

This ebook is for the use of anyone anywhere in the United States and most other parts of the world at no cost and with almost no restrictions whatsoever. You may copy it, give it away or re-use it under the terms of the Project Gutenberg License included with this ebook or online at www.gutenberg.org. If you are not located in the United States, you'll have to check the laws of the country where you are located before using this eBook.

Title: Ljocht en Skaed: In mennich biskôgings

Author: Douwe Kalma

Release date: July 31, 2014 [EBook #46459]
Most recently updated: August 7, 2016

Language: Frisian

Credits: Produced by Steffen Haugk

*** START OF THE PROJECT GUTENBERG EBOOK LJOCHT EN SKAED: IN MENNICH BISKÔGINGS ***

Utjeften fen De Jongfryske Mienskip - ûnder samlerskip fen D. Kalma -

No. 2.

Ljocht en Skaed In mennich biskôgings fen D. KALMA

A. J. OSINGA - SNITS - 1916

Ljocht en Skaed fen D. KALMA

I. TWIVEL.^[1]

Dit is de syktme, dy't it ûnsidige lân, dêr 't wy yn libje, oantaest hat en ûnsjênber, stadichoan it hiele gestel ûnderminet, oant er ienris tapakt en ynslacht, sûnder in lytse kâns op genêzing to litten —det, wylst tichte by ús grinzen de blom fen 'e jonkheit út omlizzende lânnen sichte wirdt fen 'e dea, wylst de nachtloft read is fen fjûr en de groun fen bommen towoelle, wylst de lânnen sêd binne fen geskriem en de weagen fol fen gerop, fierwei de measte minsken hjirre dogge, as barde der neat, en swietsjesoan trochgean mei hjar deistich wirk, ef mei hjar wyn-drieken en it ôfrinnen fen komeedzjes en jounspretten foartfarre.

Men fetsje my wol. Nimmen scil bigeare, det wy nei de yllinde en de ûnminskelikens fen de oarloch in toarn oanskôge to hawwen, ús jowe mids de forheftige kolk fen de striid, nimmen sels,

det wy út rouwe om de frjeonen, dy't foelen, lyk as eren de hartoginne fen Angoulême, ek it glimkjen oerjaen scoenen, ek út ús libben it laitsjen fordriuwe. Mar hwet as plicht rêst op elts, dy't syn libben net trochgean wol as in doarmer yn in geheimige en rûzige nacht, is him to jaen yn de earnest fen ús tiid en de ynfloeden fen ús dagen op him ynwirkje to litten, sûnder to eangjen, det hja him út it lead slaen mochten.

Priislik is it, tige priislik wis, det wy hjirre komité's oprjuchtsje for hwa 't finzen waerden yn 'e macht fen hjar fijânnen, for hwa 't op de slachtfjilden lizze út to sjên nei frjeonlike soarch en de treast fen in pear bimoedigjende eagen, for hwa 't in man ef in heit forlearen, dy't sa nedich wier for hjar gesin—treflik, det men flechtlingen út barnende stêdden hjir ûntfangt, lyk as men neffens de âlde en wijde wetten fen gastfrijens, hjar heart to ûntheljen. Mar hjir sprekt allinnich it meilijen, it langstme it leed fen yens neiste to sêftsjen—haedsaek bliuwt, det yens egen persoanlikheit syn maklike ûnforskilligens en tofredenens ôfleit, en, syn greatske hegens biwarjend, ré stiet, moedich en fêstbisletten, om de takomst oan to fetsjen, lyk as ienris de Germanen de hoarnen griepen fen in oanstoarmjende ûrokse.

Hwa 't de wrâld net rjucht yn de read-biroune eagen sjên doar, biret om, as it nedich is, mei hjar oan to gean in striid fen libben-op-dea, lit him gean nei de broeijerige loft fen syn sliepkeammerke en ynslomje—lit ús hoopje forgoed—wylst de loft en it gleonst binne en de lûden it forheftichst. Hwent hy forstiet net de stimme fen God, dy't it oerjown hat allinnich to lústerjen yn 'e sigens fen in mylde simmerske joun, mar dy tongeret, lûder en lûder, oant einlings de minske de earnest fen it libben wer earet—en is dos in ûnnut, net weardich as tinkend en fielend wêzen diel út to meitsjen fen de ûntsachlike kosmos.

Mar hwet docht men. Op thébisite by in frjeonlike âlde moeike, dy't, breidzjend en in koaltsje fjûr ûnder de foetten, sa jerne hwet kâltet oer waer en wyn, bigjint men to earmoedzjen oer dy grouwélige oarloch, en sawier, men suchtet sims—bûten, yn 'e greate Mienskip, rjuchtet men mei in sikelike langstme aloan wer nije forienigs to stiftsjen, antioarlochsrieden op, hwerfen de leden contribúsje jowe, in tiidskrift lêze, en, fensels, oertsjûge binne fen de ûnweardigens fen dizze wrâldstriid. Men scil de minsken nou ienris en forgoed oan 't forstân bringe, det sok in tastân netwier, yn in biskaefd Jerope . . . ensf., men scil de wrâld for in inkelde kear forbetterje, hjir in pleisterke op in iepen plak, dêr in doek om in dragend lid—och, it is wol ljeaf, en der binne sa'n protte minsken, dy't wol graech ris mei in oar omdokterje meije, en fensels, wy binne wiis en witte hwet forkeard is, mar in oar sjucht det sa goed net yn, en dêrom scille wy him det nou ris leare.

Mar hjirmei tsjinnet men allinne de egene heechertigens en waenwizens, en God alderminst. Einlings hearre wy yn to sjên, det it net ús earste plicht is ús broerren heal-ideoat en ûntarekkenber fen bigryp to biskôgjen, om den frjeonlik oer him de fâld en de master to spyljen — mar det wy alderearst ús sels hawwe to forfoarmjen, út to driuwen hwet lyts is en swak, rjucht to stean mids de woelige wiksel fen 'e wrâld en nea net bilies to jaen, noch for it minne yn, noch for det bûten ús. Earst as men wis is fen yensels, as der gjin gefaer for nuvere útgliderijen mear bistiet, as men fielt det yens egen opfieding ôfroun is en fortuten efterliet, dy sterk meitsje for hiel it kommende libben, den mei men in oanbigjin meitsje mei it wrâldforbetterjen.

Hwent net earder as den scil men straffeleas de wrâld yn it antlit sjên kinne en net earder as den scil men forstean, det, hwet ek meifalle mei, tomôge en ûndermine, hwet yen bidriget oan eltse kant, krêftleas is tsjin yens egen ivige siele en tsjin yens egen karakter, det bliuwt en stiet, ûnforwrigber. En as wy dit net leare yn ús geweldige dagen, det de wrâldmachten allinnich krêft hawwe oer yens liif, mar det it eigen Ik, det is yens eigene geast mei syn krêft en syn hegens, syn greatskens en syn wil, him inkeld hat to bûgen for God, mar for net ien fen 'e minsken, om 't itsels godlik is, den scil hiel dizze oarloch omdôch west hawwe, en God scil ús bisiikje mei yet pynliker pleagen, om it ús by to bringen.

Wêz fêst, wêz sterk, it is yn it libben de iennichste plicht. En de iennichste wet is „Bid en wirkje“.

Bid, det is, sûnderje dy faek ôf fen 'e wrâld en hwa noed, det hja dy net yn bislach nimt, tink folle en djip, fielt suver en klear, jow rekkenskip, dy sels en it Albiwâld, fen hwetstou diest en dochst — wirkje, det wol sizze, gean mei dyn bêste en ynbânnichste krêft nei it lân yn en bûten dy, fêstbisletten, yn beide oars to meitsjen, hwet sa breanedich oars wêze moat.

Ik wit, det der in ûntsachlike striid for útfochten wirde moat, om rêstich to stean tsjinoer al it fierderflechtsjen en it drokke gekrang fen de koartsige wrâld, ik wit det der drege moed for nedich is, aloanwer it mês yn 'e hân to nimmen, as der seare steden de gevens fen yens egen gestel ef it lichum fen hiel de wrâld bigjinne to bidriigjen. Mar dizze fêstens en dizze moed is perfoarst nedich, hwent, koe men hjar net bimasterje yn yens learjierren, dy't by somliken it hiele libben dûrje, den bliuwt der ivich gefaer, det men meiskoerd wird fen 'e twivel, hwaens sûgende krêft nei alle wierskyn nea net sa lûkend west hat as yn ús tiden. En om 't Friezen jimmeroan rynsk mei dy twa eigenskippen seine waerden, dêrom doar ik it den oan, iepen to wizen op hwet ús to wachtsjen stean kîn.

It is myn fêste oertsjûging, dy't ik taljochtsje koe mei mennich in moai en ynslaend foarbyld út de miene skiednis en út myn eigen bifinen, det de minskelike krêften, yn safier dy nei bûten bliken dogge fen hjar bistean, mei enoar yn wriuwing en konflikt komme moatte,—oars sein, det it quantum „striid“, lyk opgeande nei it oanwaechsen fen de wrâld-krêften, aloan tanimt, fen hokfor alloai dizze striid den ek wêze mei. By de tsjinwirdige ynrjuchting fen ús mienskip kin dit skreppen for yensels op stoffelike kriterien allinnich gean ta skea fen yens neiste, en om 't men, wol men yn 't libben bliuwe, der op oanwiisd is for yensels to soargjen, kin men der inkeld om tinke,

ho't men syn meiminsken de minst bitsjuttende en maklikst to dildzjen skea oandocht. By de greate mennichten giet it net oars: de ûnderskate partijen wirkje tsjin enoar yn, kinne net oanhelje as mei forlies fen de oar, en dêrom is ek hjir dy partije-striid de oannimmelikste en weardichste, dy't, krêftich en mei trochsetting fierd, dochs de oar gjin ûnbinlik neidiel, yensels gjin ûnrjuchtfeardich foardiel bisoarget. Yn it bilang fen de minskelikeheit en fen de bêste ûntwikkeling is it dêrom to winskjen, det, sadrê dizze wrâldstriid ôfroun is, de krêften fen 'e minskekloften útwyk fine yn in klassestriid, hwerút safolle dwaenlik alles hwet minnich en ûnweardich is, weikeard wirdt. Mar dit scil allinnich den barre kinne, as dizze oarloch einet mei in folsleine ûnderlaech fen de machten Berlyn—Bagdad, en as Dútsklân by it nije fredes-fordrach sa ynrjuchte wirdt, b g. troch in fordieling yn twa ef trije keningriken, det it oan in forset tsjin de entente-machten, dy to'n earsten de fâldij oer det lân útoefenje moasten, net meartinke kin.

Hwent komt dizze kriich net ta in útdragen saek, den kinne *ef* de Jeropeeske greatmachten safolle krêften oerhâlde, det hja dalik wer in kriichrin in biwapening en legerfoartsterking bigjinne—*ef* hja scille, allegearre, ôfmêd en forslein to hymjen lizze, sûnder moarch en piid mear, it ynlân fol yllinde en kankerjende noed, oant hja de ien nei de oar ûndergean yn in revolúsje fen de hongerlijers tsjin de mennich heech-troanjenden. Wirdt de wrâldstriid biêne mei in oerwinning troch Prússen, Hongaren, Boelgaren en Turken, den scil sok in ein dochs nea net definityf wêze, om 't de oerwoune foltsen hjar nea skikke scoenen yn hjar lot, en aloan scille hja wrakselje om de skea yn to heljen en it forlerne wer to winnen, oant einlings de wrâld bifrijd wirdt fen 'e ûndraechlike hearskippije fen jonkers mei houneswipen en rinkeljende spoarren.

Hwent och, safolle minsken meije noutiids, skriemende wirch fen it ôfmêdzjende gejacht fen ús tiid, moedleas sitte to winskjen nei ljochter, freedsumer dagen—wy scille op dizze wrâld ek op hege âlderdom net folle rêst mear fine. Rêst—de jongfeinten fen it âlde Grikenlân wisten, fielden hwet det wier, as hja nei it swiere wrakseljen yn in gymnasium, det wyt blonk fen it sân, útrêsten yn 'e simmersinne, de krânse yn it hier en lústerjend nei it liet fen in frjeon; de mûnts fen 'e middelieuwen fielden hjar seine, as er, opsjênde fen de glânzgjende perkemintblêdden fen in âld hânskrift, troch de yn lead fette rútsjes seach nei de oarderlike, bloeijende kleastertún—, mar út de tsjusterens fen 'e frânske revolúsje en it kleare bigryp fen Napoleon syn forstân is de striid fen ús dagen berne, dy't oanwaechst yn krêft en de mienskip mei hjar minsken sloopt. Hwet scil men folle bigjinne? de weagen fen dizze jimmeroan ûnljige sé strúze rizend en tommeljend oer de lânnen, dêr 't ienris it sêfte genúder wier fen it jounslit en de mimerjende priel fen hwet wite roazen en dêr 't nou de wetterplanten fen de grize groun hinne en wer soeije mei it rôljen fen de weagen, wylst mar hiel inkeld in berchtme, ûnforwrigberfêst, boppe de skomjende widens útriist.

Sa ûntsachlik yn wêzen en yn gefolch is dizze striid, det de grinzen fen 'e steaten fen Jerope, dy't ieuwen en ieuwen fen nedden hawn hawwe for hjar stadige en fêste groei, dy dêrnei lange jierren aloan bistevige waerden mei hwet de wizens fen tiid en minsken as middels úttocht—det dizze grinzen as útwiske binne en de steat, dy't men hjoed forearet as de weardichste en de krêftichste, moarn yn moude útinoar falt. Der is yn Jerope gjin lân, gjin steat, ef syn foarste bilangen steane op it spil—de steaten wurde bidrige troch fijânnen, sims al steande binnen de grinzen fen it eigen lân, de troanen wriggelje troch de ûnrêst fen it folk, det syn eigen hearskers oansjucht op al det lijen, yn pleats fen de steaten en dy hjar hearsksucht sels. Ruslân, Dútsklân, Ingelân, de geweldichste minskekloften, dy't ea in mienskiplike striid oanbounen, de lânnen, dy't wy ûnforwinlik achtene, hjar egenste grounslaggen trilje fen it gedinder en de swiere ynspanning—de lytse lânnen krimmenearje en kettermitsje nou en den hwet, mar birêste al lang yn it gefal, en nimme it mei hjar rjuchten net to earnstich, bêst wittend, det dyselde rjuchten ienris in skoandere oanlieding wêze kinne for in greatmacht om hjar yn 'e oarloch to biheljen—en hwêr bliuwt den it folk, det mar in lyts diel útmakket fen in lyts lân, ús Fryske goe-minsken?

Dit is de twivel, dy't ek my sims to machtich wirdt. Net de wenstige gefaren yn Fryslâns fjilden—de earsucht fen lytse geasten; it Hepkema-gekeakel fen ljuwe, dy't nidich binne, om 't immen hjar masker fen hjar antlit ôfskoerrend, hjar wyt en gammel troanjemint oan de wrâld biwûnderje liet; de ôfbroazeljende ynfloeden fen Hollânsk en Dútsk—hawwe my ea ek mar in amerij oandien mei noed, ynpleats fen my oanlieding to wêzen ta in mennich meilydsume wirden; mar as men tinkt om hwet ik der niis-krektsa neamde, om dizze ûnhjirmlike striid dy't inkeld it bigjin is fen hwet ús yet wachtet en men sjucht hjir dit lytse, fredige lân mei syn stimmige jounsloften, ja, den moat men wol twivelje, eft al de soannen fen Fryslân, al hienen hja tsjienris safolle striidbere krêft, yn steat wêze scille hjar lân ûnbismodze to hâlden fen alles hwet smoarch, ûnhuer en bloedderich is. En dochs meije wy inkeld sjên nei it read fen de rizende sinne, nea net nei det fen 'e flier yn in slachthûs—en docht is de soarch for ús lân ek ús, ús alderearst, oplein.

En sa steane wy den for it poarperen gerdyn fen 'e takomst, det yn swiere en rike fâlden delhinget op 'e blinkende flier fen ús keninklike seale, it geheimige klaed hwerefter feal suchtsjen is en heal-lûd gekjirm, en hwerfen de flierseame wiet is fen in wûnder read. Noch binne ús sitten sêft en noegjend fen forwiel, noch falt it sinneljocht yn rêstige en stimmige kleuren troch de suver-bimielle ruten, noch is it liet fen hwa 't ús niis-krektsa song fen maeitiid en séwyn en ljeafde ús earen net ûntstoarn, mar it wirdt tiid, det wy de rêsting nimme fen it plak, dêr 't hja jierren laei, en it blinkende swird yn 'e hânnen.

„Bid mei dyn eagen en wirkje mei geast en liif . . . Wêz fêst, wêz sterk”.

[1] It opstel „Twivel” is skreaun yn ing forbân mei haedstik V (Stipers) fen it wirkje „De

II. US TAELESTRIID.^[2]

De soarch for it Fryske folk, binammen dos for de ynwenners fen it sêlân Fryslân, birêst bihalven by de kommissaris fen Leechlân's keninginne—en fen him mei men, om 't it kommissariaet it forbân bistjut bitwisken Fryslân en it Ryk, net altyd-en-ivich in apart- fryske hâlding forwachtsje —by de fryske steaten, gearstald út mannen, hwaens namme in goede klang hat yn it stik fen 'e forsoarging fen fryske bilangen, en dy't bihearre ta ûnderskate politike partijen. Ek hjir yn Fryslân is de tsjinstelling twisken lofts en rjuchts fen oerhearskjende krêft, en it is nuver en fornoegjend to sjên, ho't read en swart mear en mear for master bigjinne op to slaen, en ho't it liberalisme, det sims net ûnaerdige bigjinsels forkindige, mar sûnt jierren forstive en ynslept is, en mei it forliezen fen syn wirkrêft ek syn bisteansrjucht forspile, stadichoan ôftakket en toskromfelet. Hwent hjirút sprekt de fryske siele tige dúdlik, dy't it hjar ûnweardich achtet hjar to jaen by in partij, dy't syn yn houten forlaer, hokfor moais hja yn fiere tiden ek ienris ûnthiet.

It forskeel twisken lofts en rjuchts is net uterlik, mar rekket it djipste fen it minskebistean, om 't de lofter partijen jimmeroan skreppe for in forbettering fen de stoffelike mienskips-tastânnen, wylst dy fen 'e rjuchter kant binammen hjar oandacht jowe oan geastelike bilangen. Striid twisken de twa klibers scoe dos net perfoarst nedich wêze, laei it lân der net sá ta, det de lofter fraksjes miene opkomme to moatten tsjin de wize, dêr 't hjar tsjinstânners de geastelike bilangen op winskje to forsoargjen, wylst dizze lêsten min hjar moed hawwe oer de mannear, dêr 't dy fen 'e lofter side de tastânnen yn 'e greate wrâld op wizigje wolle. Mar dizze strideraesjes, dy't by hwet ynskiklikens en fordraechsumens fen beide kanten tige bêst for in goed diel bisljuchte wirde koenen, foroarje neat oan de wierheit, det de rjuchterside binammen geastelike, de lofter stoffelike tastânne-forbettering biëaget. Der mei forskeel fen miening oer bistean, hwet for de naesje sels it nedichst en weardichst is, alteast ditte docht der klear bliken út, det it bistean fen partijen, dy't hjar yn haedsaek wijje oan de geastelike bilangen fen in folk, net allinne winskelik-yn-theory, mar ek yn praktyk hiel wol mûchlik is.

De partijen fen 'e rjuchter side, dêr 't ik net ta bihear, mar hwaens bistean en wirk net hegernôch oanslein wirde kin, om 't hja hjar leden de wisse oertsjûging en krêftige trochsetting meidiele, dy't needwindich it gefolch binne fen in fêst bitrouwen op in liedende en diekrêftige God, sadet ytlike ljuwe, dy't oars nea wisse moréie grounslagen forwirven, nou rêstich en ynbânnich gean troch it grousume libben—dizze partijen den wijje hjar yn it steatkindige der oan, it Gelove, neffens hjar oertsjûging yn jown fen it Albiwâld, triomfearje to litten boppe de fen minskeforstân útfoune Steat. Mar nêst de oerwinning fen it Gelove, al moat dit neffens party neamd en bistreve wirde yn it alderearste plak—bliuwe der yet oare geastelike bilangen bistean, dy't wol is wier fen dizze ierde binne en dos tidelik, mar dy't nimmen it rjucht hat to forwaerloazgjen, op straffe fen de namme „Minske"—det is: de yn-syn-siele ivige bitsjûrder en organisearder fen de forgankelike wrâld—ûnweardich to wêzen. En hjirta biheart den wol binammen de plicht, oan de lieder fen in folk oplein, om to soargjen, det de naesje, dêr 't hja diel fen útmeitsje, oandiel kriget yn de minst tidelike bloei fen de wrâld: de djip- minskelike, ynlik-bistevige cultuer, dy't op de útkomsten fen de ûntwikkeling fen minskelik tinken en fielen, mei lijen en fortriet, mar stadichoan en rigelmiettich opboud waard.

Oer dizze kwesje hoecht hjir net folle yn it formidden brocht to wirden. Elts folk ommers kin oan de mienskiplike cultuer inkeld diel hawwe yn de tael, dêr 't it him it maklikst yn uteret, dy't him it hânsumst en brûksumst is, yn syn eigene dos, omdet syn bistean it iennichst uteringsmiddel yn syn tael hat, lyk as myn siele hjar allinnich uterje kin troch myn mûle en net troch dy fen myn bûrman. Mei it forlies fen syn tael rekket it folk de kâns kwyt, in apart plak yn de wrâld en yn de cultuer yn to nimmen, forliest it de gelegenheit it folksaerdige op to fieren ta de hillichste hichten, hâldt it op as apart folk to bistean, en wirdt it dos twongen op to gean yn, gear to ranen mei machtiger naesjes: de útkomst is, det it, koart nei it forlies fen syn iennichst uteringsmiddel, syn siele kwytrekt, sûnder fensels dy fen in oar derfor yn it plak to krijen. Ik wiis op de Grinzers en de East-Friezen, dy't, praktysker fen oanliz as wy hjirre, hjar lokkich priizgje meije om it bisit fen in fruchtberder yntellekt, en dy't sûnder ús twinkeljende marren en rûzige wâlden ek minder bihindere wirde fen de twivel, dy't altomets it gefolch is fen in krêftich-ûntwikkele fielingslibben—masters yn suver tinken en fen klear ynsjuch, en dy dennoch suver neat yn it stik fen cultuer ta stân bringe kinne. Hja forlearen hjar biwende fryske sprake, en net earder as it hjar slagge is, mei úthâldend arbeidzjen en bitrouwende moed, hjar leech-dútske gearspraken op to fieren en to ûntwikkeljen ta in weardige selsstânnige tael, scille hja wer apart, nou net mear as fryske, mar as friso-saksyske stamme rjuchtsreeks oan in greater cultuer-gebiet dielhawwe.

Hjirút folget ienfâldich en sûnder omhalen, det de striid for de fryske tael fierd wirdt út soarch for en yn it bilang fen it Friezene folk, det foroardiele en delstaet wirde scil ta de rang fen in tjirmjend en sukkeljend, ommers heal-bloedich, lid fen 'e Great-Leechlânske stamme, koart nei 't it syn egene sprake forlear. Mar ek is it maklik yn to sjên, det dizze taelstriid it alderbêst en krêftichst fierd wirdt net út in wittenskiplik bitinken—b.g. det it for de witnis sa spitich wêze scoe, det sok in âld-Germaenske tael it bistoar—noch út in sin for hwet âld is en biwend—men scoe den ek stride moatte for de earizers, de klinkebaitsjes en sa—mar út in waermbloedige en ynlike ljeafde for yens eigen folk. Ja, it stiet by my fêst, det de fryske biweging der allinnich by winne koe, as sokken, dy de tael rêdde wolle inkeld om in wittenskiplik bilang, hjar mar fen ús ôfjoegen, om 't hja dochs net forsteane ho't in Fries syn tael achtenearre sjên wol, en faken dos

bisocht binne mei in bihyplike healslachtigens.

Dit is it swiere stik, det men yn 'e forflein hûndert jier fen fryske taelbiweging—forflein ja, as hiene se mar in deimennich bistan, sa leech en sûnder fortuten—nea net oandoaren hat: iepen en moedich nei it folk sels ta to gean, it to wizen op hwet as folk syn plicht wier en it oan to fiterjen ta in warbere fordigening fen 'e rjuchten, dy't it Frysk as tael hat, om 't men ealge, det de fryske ljuwe binijd redendiele scoene: „Ho is dochs ditte, det wy de tael biwarje moatte, om ús eigen wêzen en siele to rêdden? wy hawwe dos yet in apart bistan? wy binne dos yet in selsstânnich folk? hwerta regear men ús den út in Hollânske haedstêd wei?” Ik wit net, eft it folk yn wierheit yn syn gehiel ea sa redeneanje scoe, en my tinkt det, al nimt de nasjonale fieling ek noch sa folle yn krêft ta, in separatistyske oanstriid (ûnder Hollâns hearskippij wei) dochs to'n earsten net as in earnstige mûchlikheit biächte hoecht to wirden; mar dit wit ik wol, det, wier it gefolch fen in nije nasjonale oplibbing, dy't needwândich mei it fieren-fen-folkswege fen de taelstriid mank gean moat, ek in greatske en heechhertige hâlding tsjinoer Hollân, al ûntstie der wriuwing en ôfkear, al stjûrde men frysk-nasjonale keamerleden nei den Haech en al rôp men yn it iepenbier de stipe yn fen it Ingelske regear, det dit alles, ho bigreatlik ek, better tocht wirde moat as det it folk, syn plichte forwaerloazgjend, him earst tael, den eigen siele kwyt-makket. Waling Dykstra hat it folk for de tael yn it spier bringe wollen mei syn Winterjounenochten—syn doel wier treflik, mar de gefolgen fen syn skreppen wiernen inkeld achting for him sels, in ûnbidich gelaits en in net bjuster oannimmelike wilte, en de opfetting, det it Frysk nearne for doochde as for leech-by-de-grounske redenaesjes en aerdichhedens. Piter Jelles—men kin syn namme net neame as mei spyt en mistreastigens: hwennear scille wy hjir wer sok in striidfeardich sjonger oanskôgje!—seach klearder, en joech as syn bitinken, det it Frysk allinnich rêdden wirde koe troch in folksbiweging, mar wirke der sels allike min oan mei as de forfalman Hof, dy't soks biskrepe wol mei geastleaze rymstikken, ûnbigryplike sonnetten en opsettelik-falske redenaesjes. It Alde Selskip is to tige ynnommen mei syn egen treflikens, om him sa to reorganisearjen, det it yn wierheit yn folksselskip wirdt, det in weardige folksstriid liedt—somlike liberale Haedbistjûrders wirde al bleek om 'e noas, as hja om sok in rûzige maitiidswyn, sok in skriklikens tinke—, inkeld de Soasialisten as de Zee en van der Zwaag, dy't de ûnmisbere krêft fen it folk op wearde witte to skatten, en aldergeloks hiel it Kristlik Selskip, sjugge de tastân klearder.

De fryske taelstriid is alderminst in hopeleas ûndernimmen, en as men aloan it folk wize wol op syn eigen wearde, syn eigen aerd, det de tael fen nedden hat as it yn syn suvere fryskens bistan bliuwe scil, den haw ik op de útkomsten sok in lokkich bitrou, det men neffens my oertsjûge wêze mei it sels op 'en dûr sûnder Ingelske stipe ôf to kinnen, ho dy ek aloan weardearre scil. Is men út persoanlike ef steatkindige bitinkings tsjin op it ynroppen fen Ingelske stipe, den is men lykwol ek sûnder genede der op oanwiisd to dwaen, hwet ik niis- krektsa yn bitinken joech.

Hjir komt yet in oare saek op it aljemint. Men wit, det ik as eindoel fen de taelstriid fordigene haw de hearskippije fen it Frysk op fryske groun, wylst it Hollânsk inkeld as bytael biskôge wirde scoe, om sa ek mei de oare dielen fen it Ryk fieling hâlde to kinnen. Yndie scoe neffens my dit de ideael-tastân op ús erflike kriterien wêze, det in ûntwikkele Fries, eltsenien dy't bihalven it leger ûnderwys yet in algemien-ûntwikkeljende cursus trochmakke hat, syn eigen tael, it Frysk, alhiel ûnder de knibbels hie, fen it Ingelsk foldwaende ôfwist om it moai flot sprekke to kinnen, sa't er yn hiel de wrâld nearne forlegen hoechde to stean, en fen it Hollânsk genôch, om it alteast goed fetsje en lêze to kinnen. Mar al is dit it jongfryske eindoel, hjirút folget alhielendal net, det wy hjoed-de-dei al bigjinne moatte oan to stjûren op amptlike ientaligens en in skrikliken heibel en kabael útjaen, om foartdalik yn skoalle, tsjerke en rjuchtseale ús sin troch to driuwen, dêr 't in aldermâlste en for it Frysk wier-wier neidielige opskoer fen ûntstean scoe. Hwet nedich is, is diekrêftige, fiks-trochsette, moedige mar rigelmiettige arbeid, en for de beide utersten fen soarchsume en opkearende forsichtigens en hirdrinner dearinnerij hat men yen mei de measte hoedenens to mijen.

Ik neam dit efkes, om to forklearjen, ho't ik by al myn biwûndering en foldwaning dochs in bytsje biwyldere wier, do't ik fornaem, det in mennich fen it jongerein yn ien fen ús liederende fryske lichums al bigoun wiernen oan to stean op amptlike ientaligens, dêr 't de liederen bliken fen joegen lang net ôfkearich fen to wêzen,—en det hja dêrom yn it Karbrief fen hjarren forieniging opnommen hawwe woenen, det it doel fen it lichum û.o. wier: „De fryske tael wirdt de ienichste amptlike tael fen Fryslân”. Ik fyn wrychtich-wier gjin wirden om myn blidens oer sok in manlik en ynfrysk ûndernimmen to uterjen, mar dochs, frjeonen, yn myn wirk haw ik de winskelikens fen sok in hastigens nea net fordigene, en ik leau hast, det wy op dy wei, as wy alteast gjin folsleine steatkindige revolúsje winskje, net sa folle fortuten for it Frysk bihelje scille, as it tsjinwirdich wol kin. De wyt-moarmeren wente mei syn kante pylders en syn ryk byldhouwirk, dy't fier, tsjin de blauwe kym oan, omhegen riist op de brede rêch fen dy gouden-glânzgjende kling is dochs al net yn in ûremennich to birikken, en needlottich kin it sels wirde, as men al foartdalik by it bigjin fen de wei, dy't omhegen laet en dos swier is to bigean, rint út al yens macht.

Det der wirk dien wirde moat, in protte wirk, is dúdlik; my tinkt, *lit ús bigjinne mei, elts nei syn krêften, derta mei to wirkjen det it Frysk op fortsjinstlike wize brûkt wirdt as in weardige kinst-en cultuertael, en safier as wy mar in bytsje kinne, der op oanstean en der ta bydrage, det yn safolle mûlk iepenbiere en bysûndere skoallen Frysk jown wirdt as tafek, det it preekjen-yn-Frysk mear algemien wirdt, en det der einlings ris in fryske kranie útkomt*—in ding, dêr 't nei hûndert jier fen „taelstriid” (hwer de fryske krêft bleaun is yn dy tiden?) de tiid sa njunkelytsen dochs wol ris for kommen wêze scil. Binne wy safier, den, jimmereoan ôfgeande op it strieljende doel, in folgjend diel fen de baen: ik jow grif myn ûnthjit, det men op my rekkenje kin, as ienris dit ta stân

brocht waerd.

Bûten det it gefaer fen to wrimpene hastigens en bloisterigens sadwaende alhiel weinommen wirdt, biedt it útstel, det ik hjir joech, net sûnder det it my moeide, det ik net fierder doarst to gean, dit ek to weardearjen foardiel, det it sokken ûnder it alderein, dy't yet biswier meitsje it fen my fordigene eindoel oer to nimmen, sa dwaenlik makke wirdt for de mienskiplike saek nêst en mei ús to arbeidzjen. Sels immen as Dr. Schepers, dy't by ús de faeiste pasjint is oan Groot-Nederlandmany scil, as ik my net slim forsin, gjin biswier hawwe hwet ik niis-krektsa skeanprintsje liet, as de plicht fen de fryske taelstriders to biskôgjen.

[2] It opstel „Us taelstriid” is skreaun as in forfolch op haedstik IV (Us taelstriid) fen it wirkje „De Jongfryske Biweging” (Bergsma, Dokkum).

III. IT ALDE SELSKIP.[3]

It mei my gind wêze, hjir yetris to forklearjen det, hwennear ik praet oer it „âlderein” ik alderminst skriuwers as it trijemanskip Dykstra- fen der Meulen-Wielsma op it each haw, mar de hearen fen it „middellaech,” de lieder fen in fjirtich, fyftich jier, dy't nei de dea fen Waling Dykstra hope hienen hjir de hette hoanne úthingje to meijen, en hjar net sa botte rom yn 't liif fiele, as hja tinke oan de krêftiger jongeren. It moast einlings ûnnedich wêze, hjirop to wizen, om 't it dochs wol fensels sprekt, det gjin forstânnich minske it yn syn holle helje scil to fjuchtsjen tsjin in laech, det for in part al forstoarn is en for in oar diel him ef bûten ús fryske mienskip hâldt ef it jongerein mei frjeonlike en weardearjende wirden ynhetlet.

Nou scoe der hwet tige moais barre kinne, as de âlderen dy't ik miende oan it ein fen it foarich haedstik, ús krêftdiedige meiwirking ek wier- wier fortsjinnen, oars sein, as hja jierren mei úthaldende moed for de fryske saek yn it spier stien hienen, sûnder eigen foardiel en oansjên to biächtsjen, en sa, det hja hjar yn hjar ynderlik de meardereren en riejaenders rekkenje koenen fen it jongerein, det safolle minder ryk is oan weardige bifinings. De tsjin-natuerlike tastân, det ûnpartidige en frysk-fielende minsken noutydlingens iepen as hjar oertsjûging útsprekke, det it jongerein yn bitsjutting for de fryske saek fierwei de âlderen oertroevet, easket in foech bisprek, dêr 't it út bliken dwaen scil, det soks net leit oan bûtenwenstige treflikens fen 'e jongeren, det mar tige deistige minsken binne, as wol oan de ûndeugdelikens fen it âlderein.

Yn 'e rin fen 'e tiid hawwe de ljue, dy't winsken it ien ef it oar fen it Frysk to ûndernimmen—faken wier dit de wei om sels hwet oansjên by it folk to krijen—hja mochten den ek noch sa ûnbitsjuttend fen ynsjuch en kribintich wêze, hjar jown nei it Alde Selskip, det forlet fen lieder hie, scoe it alteast wurde hwet it winske to wêzen: it liederne fryske lichum. Mar krekt om 't men ûnder dizze „liederen” alderleije eleminten ynhetle hat, dy't it nea net fierder as sljuchtwei lid bringe moatten hienen, is njunkenlytsen de lieding kommen yn de ûnfêste hânnen fen ûnbitrousume minsken. Dit scoe nou neat net slim wêze, as de Algemiene Gearkomste mar de posysje ynnommen hie fen in Keamer tsjinoer de minister-rie, sadet hja hwa 't ûnweardich achte wurde moasten en dos de fryske saek yn diskredyt brochten, sûnder omhalen nei hûs stjûre koe: mar dizze Gearkomste, hwaens wirkeleazens yn Fryslân hast sprekwardelik rekke, wirdt yn haedsaek allinnich bisocht troch de frjeonen en trawanten fen dizze ûnwinskelike liederen, troch ljuwe dy't mar ljeaver net tsjin de âld- biwende, mar tomôge sleur opkomme en fen somliken, dy't hjar mei mismoedige birêsting mar by it gefal deljowe. It is skoan to bigripen, det in mennich, dy't sok in rin fen saken mar min noasket, mar dy fen oanliz to bidêst of to aristokratysk binne om diel to nimmen oan de forneamde gearkomste-ropperij mar ljeaver net forskine, en giet it hjar mei it Selskip hwet al to mâl, hjar earder fen dit lichem ôfjowe.^[4]

Omdet der by in Algemiene Gearkomste dos yet fiersto min krytyk en opposysje bistiet—hwet hiel hwet oars wêze scoe, as de kriter hjar stik for stik hearre litte koenen—bliuwt almeast it Haedbistjûr, ho bryk it den ek gearstald wêze mei, ûnforoare. Mar it sprekt fensels, det sok in dwaen for it oansjên fen it Selskip, det stoere wirkers en gjin swiete praters fen nedden hat, net bifoarderlik is, en it hoecht yen den ek neat to binjen, det it Selskip noutydlingens net mear biskôge wirdt as in liederne *frysk* lichum, hwet spitich is, mar neat oars as egen skild. For immen, dy't ealget mei hokfor mienings en forhopings dit Selskip eartiids oprjuchte is fen ús krêftichste taelstrider, Harmen Sytstra, moat dit wêze om syn selsbihearsking to forliezen, en der net mear om tinkend, eft hwet er seit ek kwea bloed sette kin, de swiet-petearjende, ljeaf-mûlkjende en den wer lûd- bearende hearen syn gleonens yn it glânzige antlit to keilen.

Om gjin ûnnedige ergernisse to jaen, dêr 't wer in heap heibel fen ûntstean scoe en dos skea for de saek fen Frysk scil ik der net ta oergean om, lyk as ik wol ris op in Mienskipsgearkomste dien haw, op de leden fen it Haedbistjûr stik for stik in krytyk to jaen: fêst stiet, det ek de minder weardigen ûnder hjarren laet wurde fen de treflikste mienings, en, dienen hja fen it Frysk nea hwet goeds, safolle tsjoeds hawwe hja dochs ek net útrjuchte, det hja fortsjinje foar hiel it fryske folk op it iepenbiere skandebankje delplakt to wirden. Dêrby komt, det it net hjar eigen skild is det hja keazen waerden yn it Haedbistjûr fen dit Alde Selskip: tiden lang hat, hwet men neame koe it skriftekindich dilettantisme yn Fryslân meibrocht, det men fen immen, dy't skielk oan it haed stean scoe fen it Harmen- Sytstra-Selskip, en dêrmei yn 'e foarste rigen fen de fryske taelstriders, it foldwaende achte, det er wier in fatsoenlik man, foldwaende mei it Frysk op 'e

hichte, om it sûnder al te grouwélige flaters skriuwe to kinnen, en det er bliken joech, de rekkenboekjes fen 'e legere skoalle mei fortuten trochwirke to hawwen—wier men notaris ef haed fen de ien as oare skoalle, soks joech yen al foardalik in skoandere kâns. Hjirtsjinoer scoe ik, en mei my wis alle klear-tinkenden easkje wolle fen hwa 't roppen wirde ta it liederskip yn 'e striid for it bêste det Fryslân hat, det hja minsken wiernen mei djippe tael- en kinst-fieling, det hja, skreauwen hja sels Frysk yn kranten en skriften, bliken dienen, fen it Albiwâld sa bijeftige to wêzen mei suvere fieling en haechlik liet, det men hjar namme ek yn dit stik neame koe mei earbied—det hja minsken wiernen fen djip-frysk karakter, ynbânnich en fen dy rêstige úthaldende krêft, dy't Fryslân troch it lijen, Ingelân troch it lok laette fen tweintich wikselrike ieuwen—mar boppeal—det hja minsken wiernen, bisiele mei sok in ynlike ljeafde for it folk fen Fryslân, det hja it hâldden as in skande, hjar tael to biskôgjen as in aerdige tiidkoarting yn de heal- forlerne ûrkes, dy't der oerbliuwe fen in swiere dei wirk. Ik kom wer op myn earste sizzen: fen de lieders fen it Harmen-Sytstra-Selskip scoe ik, hie ik it for it sizzen, easkje, det hja hwet yn hjar hienen fen Harmen Sytstra syn geast.

Yetris, ik wit det de hearen it goed miene, net mei my, mar mei de weardigens fen Frysk, mar hwa 't noutiids it Haedbistjûr fen it Alde Selskip biskôget en hy sjucht der gûdden sitten dy't hiel Frysiân om hjar sloppens mei de finger neiwiist, sa'n ien bigreatet it wol hwet, det wy der net nea takommen binne yn it Haedbistjûr fen ús greatst frysk-kindich lichem inkeld sokken to nimmen, dy't men sûnder biswier èf kinstners èf gelearden èf folks-Friezen neame koe.

Wier, ik scoe gûdden fen dizze hearen, as hja yndie hert hawwe for it Frysk en dy tael achtenearre sjên wolle, as hja it mei my iens binne, det de fortsjinwirdigers fen ús biweging ek keardels wêze moatte, for hwa 't men mei nocht yens hoed ôfnimt, oanriede meije dochs kontint to wêzen mei it foarsitterskip fen in krite en for it Haedbistjûr to bitankjen—hwent allinnich ljue as de Clercq, Sipma en Sytstra (sj. de Taheakke side 34) binne dêr op hjar plak neffens bitsjutting en wirk, oanliz en warberens en wy hawwe yn sokken as Ds. Cuperus, Jiff. Kloosterman, Dr. Schepers^[5] en Sj. de Zee wol minsken, dy't gâns mear dogge ef dwaen kinne for de saek fen Frysk.

Lit de gearstalling fen it tsjinwirdige Haedbistjûr dos romte for hiel hwet fromme winsken, net minder is soks it gefal mei de Algemiene Gearkomste sels, dy't lyk as forline jier alderdúdlikst bliken die, der gjin eigen oardiel op nei hâldt, mar slaefsk him deljowt by it ûnwize getjirch fen in pear Gearkomste-roppers lyk as de hear Canne. Ik scil de lêste net mear warskôgje, det er, troch de mitige en bikaeide Hof aloan to fordigenjen—it hearskip is der sels net ta yn steat—himsels mei izeren kjettings fêstsmeit oan in libben lyk, noch det dizze oanbidderij fen in allinnich troch syn wanwit oereinbliuwend despoat in man fen karakter ûnweardich is—hwent ik bin der wis fen, det er him aloan fierder jaen scil op dizze omlegen-liedende wei, ta skea fen him sels en syn bitsjutting for it Frysk. Troch it ûnredsum bigjinnen fen de hearen Hof en Canne, en troch hjar skild allinnich, is de Wykblêd-saek glêd fortribele (sj. de Taheakke, side 35) en scil de Algemiene Gearkomste faeks sels gnuve meije oer in bigreating mei in tokoart as útkomste—hja hawwe, om sels kening kraeije to kinnen, gjin fortsjinwirdiger fen 'e nije biweging yn 'e redaksje opnimme wollen, hwertroch de greate Mienskiptmearderheit oan hjar krantsje net meidwaen koe—mar dochs kin der gjin twivel oan bistan ef de hear Canne scil, pratend for himsels en for Hof, de Algemiene Gearkomste oan 't forstân bringe, det de fortuten fen hjar ûndernimmen wûndere, himelske moai binne. En dizze hege forgearringe scil, in bytsje mismloedich yn 't earst mei gauwens it as in foarrjucht biskôgje, det troch it tadwaen fen Hof en Canne hjar hwet sinten ûntpûle binne, en de gearkomste scil eingje mei in psalmgesjong, hweryn dizze boppe- ierdske machten oansocht wirde ek fierders de jildelike offers fen it Selskip oannimme to wollen.

Bihalven de oanwêzichheit fen tsjinkearende krêften yn it Haedbistjûr en it miskearjen fen egen, selsstânnich oardiel en rounne krytyk by de Algemiene Gearkomste, is der yet in tredde flater, dy't for syn diel skild hat oan it yn diskredyt-reitsjen fen it lichum det Harmen Sytstra bidoeld hie as in fruchtber bounen fen alle soannen fen Fryslân. It is de troch-en-troch sike, ôflibbe en knoffelike ynrjuchting fen it Selskip sels, det, troch in ynlagge fen in ryksdaelder to foarderjen, it for de fryske mindere man ûndwaenlik makket nei syn formogens de skriftekindige bloei fen syn lân to stypjen, dêrtroch in foriening wirdt fen allinnich de hegere stânnen, en dy den yet neat oars wit to forearjen as nuversoartige jounspretten, dêr 't men faek steapels fen flauwichhedens op trochwrakselje moat, ear 't men oan 't dounsjen ta is, en in forfomfaeid giel krantsje, like slop fen yn hâld as goar fen uterlik. Tsjinwirdich hawwe wy in lichum fen ik leau in lyts 2000 leden, jierliks in ryksdaelder offerjend *net* oan de goede saek fen it Frysk, mar oan ûnsmakelike komeedzje-spylderij en oan de triomf fen 'e hearen Hof en Canne, wylst in foriening fen 20.000 minsken, dy't byneed elts in kwartsje-joegen—it klinkt raer, mar ik nim it om deselde opbringst to hâlden—alleast wol tsjienris sa bimoedigjend, diekrêftich en heilsum wêze scoe. It Selskip is hwet hiel folle oertsjûge fen syn eigen treflikens, scil der nea net oan wolle, det op hiel de wrâld der ien lichum to bikennen mei steviger, fikser en praktysker ynrjuchting, en forearet to folle de âld-biwende sleur om fen in lytse wiziging wit te to wollen, mar oars scoe ik it de earnstige rie jaen woile, ris to sjên nei organisaesjes as de S.D.A.P. en de Hielûnthâlding en derfen to learen, det men sûnder de macht fen hiel de naesje ienfâldicht neat birikt. *Lit men bigjinne, mei de ynlagge fiks omleech to bringen, byneed tsjin jildelike forgoeding de stipers to winnen fen fryske folkssprekkers as Sj. de Zee, to bisiikjen alleast yn eltse gritenije en safolle mûlk yn elk fiks doarp in ôfdieling to krijen, it liberalisme farwol sizzend om de demokraetsy to tsjinjen—lit men in Algemiene Gearkomste bilizze, inkeld biesteande út fortsjinwirdigers fen de ôfdielings en lit men den einlings út it Haedbistjûr oan kant sette, hwa der net yn thús hearre, as hja alleast út eigen oanstriid net gean wolle.*

Ek hjir winskje ik net, det men holderdebolder to wirk gean scil; in stadige, mar rigelmiettige groei is my bêst, mits der den ek mar in ûntwikkeling is, en wy de kleare bliken fen foarútgong sjên kinne, ynpleats fen det ien nei it oar, earst it ûnderwys, nou de wykblêdsæk, skielk wer hwet oars fortutteazet. It Selskip scil rekkenje kinne op krêftige stipe fen alle Jong-Friezen, ek fen my sels, op bitingst det men gjin ôfgoade-tsjinst biwiizget oan fordraeide persoanlikhedens, de wierheit hilde docht, ernstich bisiket dit eigen lichum to genêzen en yn stân to hâlden, op bitingst foarâl, det men mear dwaen, skreppe, wirkje wol.

Mar as men wer, lyk as forline jier, op de meast húnlike en rouwe mannear de geast fen Jong-Fryslân, det is de dei fen moarn, det is de moarnsloft en de maitiidswyn, mislediget en sear docht, as men net inkeld üs, mar it Aibiwâld sels ûntearret troch de forearing fen it falske en de bilaking fen it weardige, den meije de dieden fen hwa 't yn Grou forgearre wêze scille, komme oer hjar egen holle en hja scille hjar egen deaklok let, hjar egen lykrede hâlden hawwe.

[3] Opstel III wirdt jown as in forfolch op Haedstik I (Ynliding) fen „De Jongfryske Biweging.”

[4] De hear Sytstra hat my fornijd, det ûnder in speech fen de hear Canne, hwaens namme yn dit stik goedoanskreaun stiet, de goe-minsken ienris bigounen to grommeljen fen ûnfordildigens, do't de redener soks net biächte, stadich weiwaerden en letter op folgjende A.G. net wer opkamen. Men neamt soks, as ik it wol haw: „bifoarding fen bilangstelling yn Frysk”.

[5] Ik neam him, om 't it breanédich is det it skriftekindich elemint yn dit „Selskip for Fryske tael- en *skriftekennisse*” better fortsjinwirdige wirdt.

IV. G. POSTMA,^[6]

It hat forline jier net de earste kear west, det hja, hwaens wird yn it Selskip heal wet is, it fortsjinstlike hounsk bijegenen, en it ûngeve, det den almeast ek ûngefaerlik is en dêr 't men gjin forheftigen krytyk fen hoecht to wachtsjen, ta de stjerren omhegen tilden. De earlikens twingt my hjiroan ta to foegjen, det soks net to forklearjen is trochdet hja, hwet der ek barre mei, aldereast hjar egen posysje winskje to bistevigjen, mar it meast mei oan to nimmen, det hja, dy't jierren allinnich stien hawwe en yet jimmer miene, det ek nou hjar ynsjuch it iennichst-krekte is, dêrtroch machtleas makke waerden yn de weardearring fen eat, det moai fier fen hjar eigen tinkbylden ôfwykte.

Men hat my bylein, dat ik minsken as W. Dykstra en de Halbertsma's gjin genôch eare taswaiede, en myn andert is, det it my ûndwaenlik is myn fêste miening, det hja as Friezen great, mar as kinstners lyts west hawwe, ek mar yn it minst to foroarjen. Ik jow my der net by del, det sleur en âlderwenst meibringe wakker to bearen oer de tigens fen de ien ef oar syn wirk—ik nim gjin inkeld oardiel oer, ik wol sels siikje nei hwet ik as moai en krêftich forearje en hwen ik det, ek by de ernstichste wil, yn somlike skriften net fine kin, den scil gjin macht bûten de dea my bihinderje kinne, rounút to sizzen, det sok wirk gjin weardearring fortsjinnet en det it in mislediging is fen de kinst en fen al it hegere, det der yn 'e minsken libbet, flauwichhedens en ôfbrûkte plattens dichterlik to neamen. Oan 'e oare kant scil ik, as der immen de earne fryske skriftekennisse forrike hat mei ernstich en weardich wirk, hok in kiel men den ek opsette mei oer syn eigenaerdigens en syn stiihfolligens, as ik sjuch det sa'n ien jimmeroan min en húnlik bijegene waerd, der op wize det sok in wierheidsfordraeijerij yn in soun Fryslân net op syn plak is, en det, hwa 't hjiroan meiwirket, him djip yn syn ynderlik to skamjen hat. Mar ik wol graech, det men ynsjucht, det deselde sin for hwet ik as rjucht biskôgje, dy't my twingt mines by to dragen om it botte en plompe ûnrjucht, immen as de hear Postma jier op jier oandien goed to meitsjen, my ek oanfiteret der mei klam tsjin op to kommen, as men seit det Dykstra syn tinkstien fortsjinne, net om hwet er for it fryske folk, mar om hwet er for de kinst bitsjutte. Hwent soks is in grouwélige ljeagen.

Det de hear Postma hyn-efte-nei net dy weardearring ûnderfoun hat, dy't him as weardich skriuwer, as iverich taelbistudearder en as man fen ynfrysk karakter takaem, kin him net lizze oan it folk fen Fryslân; syn iennichste wirk fen hwet greater tal bledkanten, de „Swealtsjebloemen” koe net yn steat wêze de oandacht fen rommer kringen for de dichter fen Moarmwâld op to easkjen, en de fryske foarmannen, dy de weardigens fen dit wirkje dochs wol sjoen hawwe moatte, hawwe it om redens, hjarsels better bikend as my, nei de herne fen it forjit forwiisd. Fierders binne der tal fen fersen, forhalen, oersettings en opstellen fen him forskynd yn skriften as De Bijekoer, Swannebloemen, Forjit My Net, For Hûs en Hiem en Sljucht en Rjucht, wylst der yn hiel Fryslân suver gjin algemien noch pleatselik blêd bistiet, det dizze skriuwer net in skoft ûnder syn meidoggers rekkenje kinnen hat. Mar ek dit wirk kin net as in tige ûnfolslein byld jaen fen hwet de hear Postma biskrept hat, en ik scoe it ernstich bitwivelje, eft er der wol ea ta oergien wie oan al dizze blêdden by to dragen, as hy yn de ien ef oare fryske peridyk genôch romte foun hie, om him frij-út en selsstânnich to uterjen—it sprekt fensels, det as yens wirk op sok in wize forsielle rekket, dit net bifoarderlik wêze kin for it oansjên fen de skriuwer sels, en sa kin men den it folk fen Fryslân ek gjin forwyt meitsje, binammen net omdet de uteringswize fen dizze skriuwer jimmeroan tige persoanlik en syn skriuwtrant lang net maklik west hat.

En dochts bigrypt men yen net goed, ho't de jeften fen. Forjit-My-Net (it is wier, men forklearret det hja net folle lêzen waerden) dy dochts, ho't de samler ek syn bêst dien hat om hjar fikks op peil to hâlden, genôch rimelderij en genôch ûnweardich proaze bifette hawwe—b.g. de rymstikken fen J. Rypma en de „Drankjes”—rigels as de folgjende net bysûnder opfallen binne:

„Platoniske ljeafde jowt skierkert de jeugd;
Dyn klange wier ljeaflik, brocht kostlike freugd,
Bigean nea it dwylpaed, nea dichte op 't krewewei,
Nim harpe as 't need hat, sa bliuwste ús nei . . . ”

„Stil steatelik stjerte yn njuefolle nacht,
Ljeaf lonket de moanne yn preal en yn pracht”

dêr 't dochts, ûnforskillich eft it kinst is ef net, in lûd yn trochklinkt, hwerút men bigrypt, det de skriuwer fen de sa hildige rimelderij wé west hawwe moat.

Fen de dei ôf, do't ik my yn it Frysk bigoun to jaen, haw ik jimmertroch field, det ik hjir it wirk for my hie fen immen, dy't eigen wegen keas en it forsei hilde to bringen út âlderwerst oan hwa 't soks net fortsjinnen, haw ik altyd ean hawn, det der hjir immen spriek, hwaens streevjen lang net earnstigernôch biächte is en hwaens wirk eigentlik nea net mei frjeonskip neigien waerd. Do't ik de Swealtsjeblommen yn my opnimme koe—de klang en muzyk sels fen rigels, dy't fen yn hâld neat net bûtenwenstich binne, is faek fen in bysûndere ljochtens en haechlikens—rekke ik der mear en mear fen oertsûge, mar hwet ik net bigriep, wier ho't it dochts to forklearjen wêze mochte, det der mar sa'n bytsje fen dizze skriuwer yn boekwirk forskynd wier, oant ik fornaem, det de hear Postma, wirch wirden omdet der for him dochts nearne romte biskikber wier, in hiele steapel hânskriften foreare hie oan de Provinsiale Bybleteek to Ljouwert.

Dit seit faeks net folle, mar for my hâldt it hiel hwet yn. Lit men yen der sels ris yntinke, det men jierren en jierren dreech en ûnforsetlik arbeide hat for de rêdding fen Frysk, det men der sels fen oertsjûge is, det yens wirk it opnimme kin yn wearde for tael en for kinst tsjin det fen 'e jimmeroan bijubelen, det men wit yn it stik fen taelûntwikkeling it moai fier brocht to hawwen, det men den yet gjin romte fine kin om de fortuten fen yens ûndersiik en yens ûntwikkeling- as- skriuwer earne iepenbier to meitsjen, en det men einlings der ta komme moat, yens hânskriften om se for it neiteam net forlern gean to litten, presint to jaen oan in Bybleteek. Men fielt, soks bringt as men de saek fen Frysk earnestich nimt en net as ljeafhawwerij biskôget, striid en fortriet mei en as men wit, det men det net to tankjen hat oan ûnweardigens fen yens wirk, mar om 't men yen de weelde gint fen in eigen karakter en in eigen miening to hawwen, den is sok in bifining net de rjuchte, om yen it libben sjên to litten as in fjild fol moaijens en ljocht.

Alhowol de fryske foaroanmannen, binammen wer Haedbistjûrders en hwa 't de krite Ljouwert hjitte to lieden, nou dochts skoan wisten det it wirk fen Postma, net wier, hy mocht den in nuver man wêze en sa, dochts . . . net . . . hielendal . . . weardeleas . . . wier, alhowol dizze hânskriften yn 1907 al oan 'e Bibleteek tastjûrd waerden en dizze hearen fensels op 'e hichte hâlden wirde fen de oanwinsten fen de Provinsiale—wier ik, anno 1916, njuggen jier letter, de earste dy't it wirk soarchsum neigyng, oardene en op lysten brocht: earder hie men der net nei omsjoen. En dochts wierne der spillen by, dêr 't ik nea net fen ealge hie det hja yn Frysk bistienen, wirk fen wezentlike letterkindige wearde, en dochts is de fryske skriuwerij, lyk as dy foar 1915 bistie, troch dizze samling op syn minst in tsjien presint riker wirden (sj. Taheakke, side 36).

Men scil der by fine „Olive-en-Ikeblêdden”, de krêftige fryske psalme- biwirkingen, frij wol, mar yn kinstwearde en yn bitsjutting for it Frysk sûnder foarbihâld de bêste stichtlike poëzije, dy't der yn hiel de foarige ieu op Fryslâns fjilden ûntstie. For dizze samling hie de skriuwer stipe oanfrege by it Alde Selskip, det lyk as jimmeroan wer tige rynsk wier mei ûnthjit, mar det, op groun det de skriuwer it bistie „hin” to brûken for „him”, „sind” for „binne” en—omdet de titel nei de miening fen de hearen forwaend wier—hwet scille dizze krûdige krityske bioardiels in ergernisse field hawwe, do't hja in „Klankboarne”—doopte bondel ûnder eagen krigen!—him der mar ljeaver wer for weiwoun. It miskearre der yet mar oan, det it Haedbistjûr de hear Postma op in gearkomste ûntbiede liet, om him oan it forstân to bringen, hok for foroarings der yn oanbrocht wirde moasten om it wirk alteast genietber to meitsjen—fen immen as de hear v.d. Burg, dy't better op 'e hichte is fen maitiidsboelgûdden as fen fersekinst, kin men soks bêst oersljuchtsje, mar det minsken as Ds. Cuperus, en, as ik my net slim forsin, sels Dr. O. Postma hjar net mei foarsje tsjin sok in gedoch forset hawwe, liket my dûbeld bigreatlik.

Hwer mei it dochts wol oan lein hawwe, det de Haedbistjûrders ynpleats fen in talint, dêr 't de measten fen hjar sels net by yn 't skaed stean koenen, weardearjend to forwolkomjen en to stypjen, sok in ôfwizende hâlding oannamen en mei al hjar krêften meiwirken, om dizze skriuwer de grize leane fen it forjit yn to traepjen? Faeks, omdet de hear Postma der net for to finen is, nei it folk ta to praten en *det* Frysk skriuwt, det hy sels it meast yn oerienstimming mei it wêzen fen ús tael, it suverst en it weardichst achtet, sadet it wol ris ôffalt, syn wirk like flot to lêzen as Dykstra syn teltsjes—mar men scoe dochts hoopje det de foaroanmannen genôch bisleur oerhâlden hawwe, om hjar hjir net troch fen 'e wize to bringen. Faeks omdet net alles hwet hy skreau en dichte, earste-rangs-kinst wier—mar as hy op syn minst is, bliuwt er yet jimmer in stik heger stean as hwenear Dykstra yn 'e bidelten omtoarket, en is er ûnder ynfloed fen in wezentiike bisieling, den is it sotternij him mei Waling to forlykjen, ek al is de lêste op syn bêst. De iennichste forklearring is dizze, det de skriuwer ten Moarmwâld him net winske to bûgen, der iepen op wiisde, det der yn Frysk gjin skriftekennisse, mar inkeld skriuwerij bistie, det it Frysk wirdeboek op syn bêst in net moai glossarium neamd wirde moast en det de Selskipsdeugden

binammen bistienen yn de fryske flagge, de poalske lânsdagen en de skoane kofje—men hat de hear Postma, ik siz it mei oertsjûging en nei soarchsum ûndersûk fen syn bitsjutting en syn striid, nytge en systematysk bijegene op de meast heechhertige mannear, om 't er it bistie krityk út to oefenjen en allinnich foreare, hwet neffens him as goed en nommel en weardich eare wirde moast.

Det yn Fryslân it Fries-wêzen lange tiden biskôge is as hwet gefaerliks en ûnhilichs, is in tastân, dêr 't de hear Postma aloan fen to lijen hawn hat en dy't de Jong-Friezen mei de measte trochsetting en fûleindigens bistride scille, oant er folslein oerwoun is en it oprjuchte, selsstânnich-manlike en ynbânnige fryske karakter hjir wer foreare wirdt as it iennichste aerd, det de soannen fen ús lân foeget. Allinne sa is it to forklearjen, det noutiids de hear Postma en de Jong-Friezen neistenoar steane, hwent yn it stik fen kinstideael en yn de opfetting, ho't ús taelstriid fierde moat, bistiet der twisken him, dy de conservatyfste, en ús, dy't de radikaelsten binne ûnder de frysk-fielenden fen ús tiid, gâns forskeel. Mar hwer 't wy de bliken sjugge fen jierrelange stúdzje en nea net oerjaende striid, hwer wy in wezentlik frysk karakter mette yn syn stoere stânfêstens en syn birette trochsetting, dêr scille wy op soks mei earbied wize, ek al witte hwa 't noutiids yet as foaroanmannen neamd wirde gjin wurden to finen, om hjar protteligens en nidigens to bidudelikjen. Ik hoopje de „Olive- en Ikeblêdden” fen 'e hear Postma yn 'e rin fen dit jier yn 'e Mienskipsútjefte op to nimmen, en mei de stipe fen myn frjeonen ek fierders to bisiikjen it ûnrjucht, eartiids oan him bigien, nammens it jonge Fryslân yet sa folle dwaenlik goed to meitsjen. Mar det somlike foaroanmannen him, de man fen it krêftich karakter, fen bûtenwenstige stúdzje en tige bitsjutting for ús skriftekennisse, troch it oannimmen fen hjar heechhertige, dos ûnweardige hâlding, tritich jier lang bûten it fryske libben stjitte wollen hawwe, om 't er hjar deistich baitsje him net oantwinge woe, det liket my in flater ta, dy't breanedich ris oantsjut wirde moast, om it rjuchte ljocht falle to litten op hjar frjemdsartige Dykstra-forearing. *En* de ôfsidigens, dêr 't hja bliken fen joegen as it Postma oanbilange, *en* de dweperije mei „Walingomme” as dichter en kinstner (sj. Taheakke, side 38) kin men yen allinnich bigripe mei dochs oan to nimmen, det hja elkenien dy't hjar yn wearde oertroevet, biskôgje as gefaerlik for it eigen oansjên, hwetroch beide ôfsidigens en dweperije hjar bitsjutting forlieze en folslein weardeleas binne.

[6] Dit opstel is miend as nû. XX fen de yn 'e Ljouwerter Krante forskinende rige „Fen Fryslâns Fjilden” en wol as in yntermezzo twisken „De nijere persoanliken” en „De fryske tachtigers”.

V. SPEKTAKEL^[7]

Nou 't ik it wol winskelik tink, myn miening oer de fordraeide redenaesjes, dêr 't Hepkema syn lêzers eltse wike bliid mei makket, hjir mei in wirmennich ta to ljochtsjen, moat ik wol wer fen foarenoan bigjinne en yetris de gearfettings ôfskriuwe, dêr 't ik eartiids myn opstellen oer Hof mei ôfsletten haw:

1. Om 't it diel fen 'e „K!ankboarne”, det trochgean wol for djip- field dicht, al dalik bliken docht to bistan út in heap ûnwiere, rombommige utering, hwerfen eltse ynlike fieling skou is, docht men forkeard en is men ûnbinlik jinoer it wiereftich talint, as men de him dêryn uterjende rimeler Hof forearet mei de dichternamme.
2. Om 't it oare diel bistiet út breklike oersettings en rymstikken, dy't hjar ek net útjaen wolle for near as det, kin sels de meast ynskiklike krityk net de miening uterje, det mei de „Klankboarne” praet wêze kin fen in forriking fen ús skriftekennisse.
3. Om 't de mislearring fen 'e biweging fen 1905 foarâl hjiroan ta to skriuwen is, det de hear Hof, howol dekadint fen 'e tachtigers, oannommen waerd as hjar lieder op it fjild fen taelstriid en letterkinde, is it net dúdlik hwer 't de fortsjinsten fen de nou bispritsen skriuwer to siikjen binne, en kin him alteast to'n earsten for syn streevjen yet gjin liedende posysje taskikt wirde.
4. Allinne den scil de hear Hof yn steat wêze ienris minder ûnsuver wirk to jaen, as er, werommend op syn ûnbiredenearre sels- forearing, en war dwaende him hwet suverens en rêstigens fen utering eigen to meitsjen, mei de die tajowt, det syn rombom fen eren net fierder biächte hoecht to wurden.

Howol dit ôfwizend oardiel dos forfette wier yn tige rêstige en goedmoedige wurden, hat de hear Hof, hwaens earsucht eltse biskriuwing to boppe giet en dochs lyts bliuwt, omdet der in greate liedende idée by him miskearret, himel en ierde bisocht op stellen to setten om de goe-ljuwe derfen to oertsjûgjen, det er dochs wier-wier in baeskeardel wier. Oan it ein fen „De Jongfryske Biweging” haw ik syn twa earste oanfalien ôfslein, dy't scoene men hoopje, de lêzer wol sa goed yn 't ûnthâld bleaun binne, det it oerstallich is se fen nijs wer op to ikkerjen, en ik wol dos allinne to binnen bringe, ho't ik myn oars faeks neat to maklik opstel dochs bisleat mei wurden fen in formoedsoenjende geast. Nei oanlieding hjirfen hat it hear bisocht, mei myn frede to sluten, mar hy kaem oan mei sokke aldernuverste bitingsten, det ik, al haw ik myn fordildigens by dy ûnderhannelings lang biwarre, de yndruk krige dochs mei immen to dwaen to hawwen, dy't fen syn journalisterij hwet yn 'e beanne rekke wier, hwerom ik net op syn praetsjes yngien bin. It hjiroer fierde briefeforkear fynt de lêzer yn de Taheakke, side 38 fen dizze brosjûre.

Do't de man fen 'e Gaestmar den sjoen hie, det er mei persoanlike lekskoaijerij op my net ta syn doel kaem, d.w.s. de lêzers de yndruk by to bringen, det ik mei myn oardiel de planke mis west hie, achte er it winskelik, op to hâlden mei syn persoanlikhedens, omdet det dochs de spuigatten úttroun, en nou ris tige sakelik to dwaen, troch net mear my persoanlik, mar de hiele jonge biweging oan to fallen. De stakker! hwent nou joech er him dochs wol sa op glêd iis, det men him syn bidroefd-lytse kânsen, hjir in oerwinning to biheljen, al dalik op in briefke jaen koe—ommers de biweging is in bern fen yet gjin twa jier, en ik leau net, det Jan yn dit stik sa mei ûnderfinings seine is, det er nou al mei wissichheit útmeitsje koe, ef der in rakkert ef in fiks jongfeint, in soldaet eft in prefester út groeije scoe. Alle herten lykwol nei sines ôfmjittend, en bitinkend, det er sels ek ienris as in ûnskildich boike yn 'e widze lein hat—ik hie him fêst gjin tûtsje jaen wollen, hear! hy scil altyd wol alderheislikst moarte hawwe—naem Janneman syn bril, striek mei de hân om syn kin, seach ris tige weetlik en bigoun do de fornoege wrâld as syn oardiel to witten to dwaen, det dit Mienskiptsbern mank gyng oan Hollânske syktme. It wier suver om to bisouwen, hwent nimmen wier der yet ea efter kommen, det der hwet oan dit bern miskearre—mar Jan, tige yn 't skik om syn snoadens, praette en praette mar troch, oant de wrâld yn sliep eamele wier en it bern wekker, det, sadré it Gaestmar nêst syn widze stean seach, as fensels de tonge útstiek en de fingers op in hwet eigenaerdige mannear oan it ein fen de reade lape brocht . . .

It is slim to leauwen det immen sa ûnredsum wêze kin, mar it is de keninklike wierheit, det de hear Hof yn wit ho folle artikels neat oars bieëamele hat, as det dizze biweging hjirre krekt itselde wier as de tachtiger yn Hollân en, omdet men dit for in komplemintsje oansjên koe, det dy lêste sa gemien west hie, sa smoarch en ûnhuer . . . bûrfrou, jy scoene jo der net yntinke kinne ho yslik. Men moat sikerwier de hear Hof wêze om it kinststik út to fieren, yn in feansjier neat to fornijen as ien inkeld ding, en den yet dit iennichste ding bistean to litten út twa grouwélige ûnwierhedens. Hwent to'n earsten hat de tachtiger biweging Hollân alteast in mennich wezentlik ûntstjerlike kinstwirken jown, en is it oan hjar en hjar allinnich, det Hollân it to tankjen hat tsjinwirdich net bûten de kinst fen hiel de biskaefde wrâld to stean, sadet hja as men inkeld freget nei de weardigens for de kinst, neamd biheart to wirden yn priizgjende en forearjende lûden; oard sprekt it fensels det in Fryske biweging, dêr 't de taelstriid jimmeroan in wichtich diel fen útmakket, yn aerd noch yn wêzen by in hollânske forlike wirde kin, wylst men tagelyk skoan bigrypt, det de tiidsgeast fen 1915 him wol uterje moat yn in oare wei en mei in oare stimme as dy fen in fiif-en-tritich jier lyn. Men scoe allinnich fen in oerienkomst twisken beide prate meije, as wy mei opsetsin it wirk fen 'e tachtigers sa soarchsum en sa hoeden mûchlik neifolgen; mar yn pleats fen by hjar yn 'e skoalle to gean, steane wy ûnder oerhearskjende ynfloed fen ús eigen tiid, en lyk as fensels sprekt, as wy ea kinstwirken jowe fen bliuwende weardij oan dit folk, det soks eigentlik net fortsjinne hat, den scil det wirk wêze, hweryn de fryske geast fen 1915 him tige klear útsjongt, de Hollânske fen '80, dy't wy earder út 'e wei gean as det wy hjar ynhelje scoede, net yn it minst. De hear Hof scil nei alle wierskyn fen 'e wize rekke wêze troch in pear uterlike omstânnichhedens, dy't Fryslân op dit stuit net mei Hollân allinnich, mar mei hiel de wrâld mienskiplik hat, lyk as it brûkme fen it sonnet, det tsjinwirdich in nije triomftocht hâldt troch hiel Jerope, en det ek wy, ûnder ynfloed binammen fen 'e tsjinwirdige jonge Ingelske skriuwers, nei ús bêste krêften bioefenje. Ik scoe him, om 't ik it goed mei him foar haw en him letter yet wol graech ris oan 't wird hearre wol, oanriede meije ris hwet minder stúdzje to meitsjen fen 'e tsjinwirdige hollânske skriftekennisse, dy't by my net botte fortsjinstlik is, en dy't hysels hjir dos ljeaver net bisiikje moast nei to bouwen mei syn details-útpikerjende forhalen lyk as „de Greate Striid” dêr 't eltse oanfieling fen greatme en fen striid oan miskearret en mei syn ûnbigryplike rymstikken; mar lit him ris goed Ingelsk leare, sa't er gjin fersen fen Longfellow^[8] yn syn oersettings hopeleas toknoeit, lit him ris neigean hok for wirk tsjinwirdich de periodiken dêr oan 'e man bringe en soarchsum ûndersiikje hwet it moaije en suvere dêryn is, en lit him den ris bistudearje hwet ik oant nou ta oer kinstsaken skreaun haw, bistudearje en net sa'n bytsje oerflakkich lêze, lyk as er wend is to dwaen. Hwent hwet de hear Hof jowt oan „kinst” en „krytk” is sok in yllindich ljeafhawwerijwirkje, sok in heislik geknoei om út syn meagere geast hwet fieling en hwet forstân to parsen, sok in faei gepraet, bimongen mei de nedige waenwizens, minderweardige sitate-forfalskerij en platte algemienhedens, det it sels for opsettelike folksmislieding yet to hol en to leech is. (sj. de Taheakke, side 41). It lyts bytsje achting, dêr 't ik fen spriek oan it ein fen „de jongfryske Biweging”, dot it like det it him ynmoed wier him to forbetterjen, is wer alhiel fordwoun troch syn ivige draeijerijen, dy't him dochs to sterk lykje to wêzen—en for my sels biwarret er inkeld in bytsje wichtigens, om 't ik yn him sjoen haw ta myn great fortriet en myn pynlike forwûndering, ta hokfor ûnoprjuchtens somlike Friezen—lit my hoopje det er in útsûndering is—komme kinne, byhwenear immen hjar iepen wiist op hjar brekken en as hjar lyts-feninige earsucht to djip yn hjar moed biwoartele sit, om hjar de wil ta forbettering to litten. Sels foar Gods rjuchterstoel scille minsken fen sok slach yet ûnwierheit en falskens sprekke.

Mar koe it yen dos net noflik oandwaen, det dit hear alhiel út eigen forkiezing wike op wike for it folk fen Fryslân yn syn himd stean gyng, en al haw ik wier net de iennichste west, dy't suver mistreastich waerd fen sok in krûperige draeijerij, oars waerd dit do't Gaestmar it fjild romme, en in meagere hynsteslachers- knol it striidpark ynriden kaem, hwerop yn in rêsting, dy't him fiersto rom siet, sa't er elk amerij yn twa stikken like to fallen, en mei in lânse, dy't by ûngelok yn syn eigen broeksbokse fêstheakke wier, nimmen minder as de Keninklike Alde Hear Hepkema sels. Hy moat al aerdich fier hinne wêze en ik leau fêst, det er mei it each op syn hege jierren, dêr 't it forstân altomets ek net better fen wirdt, mar better yn in maklike stoel by de smoute hird sitten bleaun wier, ynpleats fen nou as in mismloedige geast út it grêf to bisiikjen it forline wer libben yn to bliezen en de strieljende dei fen hjoed to dwestjen. Men kin yens meilijen mei him net sa fier driuwe, det men him alles grif forjowt—hwent al die it ek bliken det er op syn âlde dei neat to

bêst mear lêze kin (praet er net aloan fen net bigripen?), oan 'e oare kant is er dochts yn him yet genôch fen syn âlde natuer bleaun om in lytse ûnkrektens to bisiikjen. Alhowol ik forline hjerst, nei roai sahwet in moanne twa-trije, foar 't er oan it profitearjen sloech, do't ik dos yn 'e fierste fierte gjin aen hawwe koe hwet er fen doel wier, al forklearre hie myn fers „Nachten en Dagen” allinnich as oefenwrik to biskôgjen, sadet ik, moast ik it by myn wirk fen letter lykje, it mysels ûnwaerdich forklearre—like goed winsket dit nommele hearskip der gjin rekkenskip mei to hâlden en jowt er steapels sitaten út dit fers, det yndie net maklik noch suver fen utering is, om sa to biwiizgjen det . . . it hiele jongerein ûnbigryplik skriuwt. Hwet ik oan dichten nei dit fers skreaun haw is lykwol sa klear en ienfâldich fen forklanking, det in bern wol fetsje kin hwet der field en sein wirdt—mar krekt hjirom kin de âldman dit net brûke, en docht er rêstich, as bistie it alhiel net, wylst er foarfart mei jimmeroan stikken oan to heljen út in dichterlike sang, dy't nimmen my mear oanrekkenet. Fierders leit er him der tige op út, om yn neifolging fen syn baesfeint Hof my dingen yn 'e mûle to lizzen, dy't ik nea net neamd haw, myn wirden for de helt to fordraeijen, sadet men dêr út lêze moat hwet ik op gjin foetten en fiemen nei bidoelde, en myn biskôgings alhiel út hjar forbân to skoerren, sadet hja mear bjusterbaerlik en frjemd as wier oandogge.

Sa siz ik: „Al meije de Halbertsma's en Dykstra for it Fryske folk hiel hwet bitsjutting hawn hawwe, kinstners wiernen hja alderminst” en de âlde hear Hepkema ropt „Hear' jim wol? hy seit det it nullen en prullen binne!”—ik skriuw „Der bistiet in djipgeand forskeel twisken it Hollânske en Fryske folksaerd” en de echo galmet „Hy wol Fryslân selsstânnich meitsje en út it Ryksforbân weiskoerre”—ik forklearje: „It scil in weardich ding wêze, de Ingelske skriftekennisse soarchsum to bistudearjen, hwent it is de rykste fen hiel de wrâld en Ingelsk en Frysk is nei oan enoar bisibbe” en de âldman swaait mei de pook boppe syn holle en kraeit „Hy wol Fryslân meitsje ta in diel fen it Ingelske ryk”—ik siz myn wearze fen hwet ûnhuer, ûngeef en ûnwier is yn moai krêftige wirden en it Keninklyke Hearskip makket der út op, det ik eigenwiis bin en neat doch as skellen en rachen. Ik hâld der net fen to sedemasterjen, en ik wit wol, det ik like goed as eltsenien myn lek en brek haw, mar for de âlde hear Hepkema, om hwa 't it my fortriet docht det er him yn 'e krûddamp jown hat, hoopje ik det de geasten fen al de ljeagens, de fortocht-makkerijen en de fordraeijings, dy't er tsjinoer my brûkt hat ef syn feint Hof brûke liet, net om syn leger stean scille as er faeks mei gauwens ús ierde forlit, hwent den scoe syn stjerbêd net rêstich wêze. Mar om 't ik sels yet jong bin en myn eigen krêften fiel, en oertsjûge bin det ik efter my mear as ierdske stipe haw, kin ik der net ta komme in breklik âldman, det for my in ûngelikens partûr is, to bistokeljen mei de macht fen myn hate en de fûleindigens fen myn wird, en dêrom nim ik hjir ôfskie fen him, mei de forklearring det mocht er him er biswierd fiele troch hwet er my op syn âlde dei neijown hat, ik wis net tsjin him yn it gerjucht gean scil en him jerne forjow, hwet ik to forjaen hawwe mei.

De oarsaek fen hiel dizze strideraesje mei al syn minder- weardigens en ûnginstige ynfloeden for it oansjên fen Frysk, is nimmen oars as de hear Hof, dy't howol er sels wit det èn syn wittenskiplik geknoei èn syn fersen-hokus-pokus „gerichtet” is, to folle mei lytse earsucht bisocht waerd om it swijen to dwaen ta syn eigen ûngevens, en mei al syn krêft to bisiikjen, eft er den alhiel net yn steat wier hwet betters to jaen. Mei him hoecht men gjin war to dwaen my to formoedsoenjen, nou net en nea; al moat de striderij twisken ús ek yet in tweintich jier en langer dûrje,^[9] ik doar it bêst to bistan, wittend, det as de gefolgen for it Frysk fordjerlik wêze mochten, soks oan my net to witen wêze scil. Elts bisiikjen fen trêdden, de saek twisken ús beiden to bisljuchtsjen, scil om 't ik yn him immen sjuch sûnder karakter en sûnder moed, sûnder witnis en sûnder kinst, fen my biskôge wirde as in wearzige bimoeisucht, as in tsjinoer my heechst ûnfrjeonskiplike en misledigjend-húnlike die, hwent ik kap dizze myn rjuchterhân, dêr 't ik dit mei skreau, ljeaver ôf as hjar, dy't faken field hat de suvere waermens fen in frjeonskiplike hândruk, sok in minske ta to rikken. Tidelike forbetterings scille fen my, nou 't ik sjoen haw det dit sims in mei opset-sin fen him oannommen hâlding wêze kin om ynfloed oer oaren to krijen, net mear biächte wirde en earst, as der jierren oer forroun binne sûnt er de lêste ljeagen yn 'e mûle naem en de lêste kear in oar bilastere, scil ik rêstich en ûnforskillich sizze: „Det biheart dos ta it forline, det is dos dea”.

[7] Dit opstel waerd skreaun as in forfolch op haedstik VI (De Jongfr. Biw. en G.J. Fenema) fen „De Jongfryske Biweging”.

[8] Dit slacht op de „Libbenspsalm”.

[9] Dochs sjucht it der net nei út, det ik hjir mei gauwens wer oer bigjinne scil; in pear frjeonen fen mines, dy't my al lang forsocht hawwe my dizze saek út 'e hannen nimme to mejien, hwet ik oant nou ta wegere, om 't ik net fen pleitbisoargers hâld, scille de kommende fjouwer, fiif jier yn myn plak licht de striid trochsette, sadet ik my den hjir net mear oan hoech to jaen.

VI. TAHEAKKE.

Oanteikening by side 18 rigel 17:

De hâlding, fen 'e hear Sytstra jinoer my oannommen, kin net sûnder foarbihâld earlik en rjuchtút neamd wirde, hwet maklik to forklearjen is, om 't Hof eartiids tige by him yn 'e graesje

stie. Hwet ik him it meast kwea ôfnommen haw, wier det er tsjinoer my myn earste wirk, det ik sels net oars as oefenwirk biskôge (út hwet der bard is mei myn opstel oer syn Heit, kin hy dit wol it bêst witte), danich priizge, wylst er op 'e foarige A. G., lyk as men wit, do 't er in mennich ginstige wirdden brûkte oer ir wirk fen de jongeren, oan tafoege det men net mei it wirk fen 'e jongste ûnder it jongerein—en det wier ik—oankomme moast. Oer myn fers „Nachten en Dagen” skreau er my „—en ik moat sizze, det it mei myn sin in gnap stik wirk is. Ik stel it to mear op priis, omdat it wer ris in stik is yn in nij „genre”, en it nei myn sin tige nedich is dat wy de brûksumens fen ús tael for alle soarfen fen poëzije biwize. De alliteratie yn it gedicht, dy heart fensels yn in fers as dit, is oer it gehiel tige slagge. Ek de tael is flink Frysk en de bylden goed foun,” wylst er oer Rinke Tolman, Sj. de Zee en sims sels oer Piter Jelles in ûnginstich oardiel joech. Dochs hat er de twa earste, howol er hjar wirk foroardiele, do 't „Fryslân” forlet fen kopij hie mei wille ynhelle, en wier syn hâlding do der yn it Haedbistjûr it útstel dien waerd my as fortsjinwirdiger fen 'e nijste biweging yn 'e redaksje op to nimmen, slopper as ik ea tinke kinnen hie en for my ien greate toloarstelling.

Sa is ek syn forklearring, det er yn 'e petearren twisken him en my aloan bisocht hie, de ûnderskate partijen tichter byenoar to bringen, by de wierheit troch. Fen de Halbertsma's sei er, det men hjar yn wearde hâlde moast, om 't hja it folk oan 't lêzen brocht hienen, mar in skoft letter die er my, do 't er de ynhâld fen de „Rimen en Teltsjes” fen nijs ôf oan soarchsum like troch to gean, to witten, det dy samling him nou lang net meifallen wier. Waling Dykstra en Schepers kamen der by him jimmeroan bikaeid ôf en oer de hear Hof, dy't oars, oan him to hearren, wol aerdich flot skriuwe koe en in heap wirdden wist, dy't himsels sa njunkelytsen ûntgien wiernen, joech er ienkear dit snedich oardiel: „Hy is faek in trime heger stean gien as er hearde, en ek wol ris, dêr 't hielendal gjin trime mear wier”.

Hwet er yn F. M. N. sei, det ik him yn in skeef ljocht set hie, troch syn ûnginstich oardiel oer it boun Hof-Canne mei to dielen, en det er it lang sa slim net miend hie, moat ik perfoarst ûntstride; ik haw dizze saek krekt meidiel yn de wirdden, sa 't hja twisken ús to praet kommen wier. Dit alles rekket lykwol allinne him en my persoanlik, en hat mei syn bitsjutting fen it Frysk, dy't sûnder mis tige is, wier it allinnich mar om de rêstige fêstens, dêr 't er as soarchsum samler fen F. M. N. tritich jier syn stille wegen mei gyng, neat to meitsjen; yn it Haedbistjûr is hy mei rjucht in heech-hâlden persoanlikheit.

Oanteikening by side 18 rigel 37:

Oant nou ta haw ik fen myn sibben op fryske kriter, sels fen sok-ken, dy't der sims yet hjar meiwirking oan jowe, yet net ien goed wird oer it wykblêd „Fryslân”, noch hwet de ynhâld, noch hwet de technyske útfiering oanbilanget, to hearren krige. Nei tweintich nûmers is de rispinge sa bidroefd, det it hast net minder kin; de praetsjes fen 'e hear Sytstra sels, sims sawier bislutend mei de mo-rael yn in rym op it ein, lyk as eartiids yn 'e boekjes fen „Groot-moeder verhaalt”, wirde net lêzen en binne, howol der sims hwet ynstiet dêr 't men yens foardiel mei dwaen kin, ûngenietber skreaun; de fersen fen Rinke Tolman binne stjitterich fen rythme en ûngever fen ynhâld as men fen him forwachtsje mocht, en allinnich de dichten fen Hylke Sjonger, dy't lykwol wer fiersto folle jowt om spontaen to bliuwen, bringe altomets hwet fortsjinstliks; de berne-rubryk fen Canne is mear in noflike útspanning for greate minsken, dy't wer ris oan hjar bernetiid weromtinke wolle, as det it de bern, dy't de del-bûgende en min efto mear gekoanstekkerich-oanstelderige toan skoan fiele moatte, haegje kin; de hear Sipma kin der net ta komme, syn wirk to jaen oan in blêd, det op sok in wize bistjûrd en forsoarge wirdt, ef hy is yn sliep rekke lyk as hast eltse lêzer; it wirk fen 'e hear Hof wirdt foldwaende teikene troch dit iene sonnet, det men op plakken yn it Hollânsk oerbringe moat ear 't men efter de miening komt:

As dichters dwale, giet it hjarren as bern,
Dôfhûdich-dwers, dy't dôch, djip-ynlik witte,
Det se evel dogge, en 't goede paed forlitte,
En dy't fensels hjar tsjoed komme yn to sjên.
As dichters dwale, gean se net forlern.^[10]
Der wâll't hwet^[11] yn hjar, dat scil bûte mjitte
Untwyk siikje, en hjar lieten scille útjiette
Lûdwirdden langstme^[12] om . . . rjucht hjar wei to tsjen.
As dichters doarmje fier fen folk en lân,
Om 't frjemde sprake en frjemde steden wonken,
Om 't frjemde leare fet krige op 't forstân
Foar 't siele en sinnen yet *de weelde dronken*
Fen ein-folksaerd, dôch gloeije yn 't hert syn^[13] fonken
En 't^[14] lôget ienris op yn felle brân.

Oanbilangjend it wykblêd „Fryslân” haw ik oanstriid it oardiel fen in frjeon oer to nimmen, dy't my sei, det it wichtichste fen dit orgaen neffens him wier, der er it oant en mei nû. 10 yn 'e breedte dêrnei yn 'e lingte opteard tastjûrd krige.

Oanteikening by side 24 rigel 17:

In lyts diel fen hwet der fen 'e hear Postma op 'e Prov. Bibl. is, neam ik hjir.

Oarspronkelike fersen:

Uneindichheit, kantate.
Johanniade, fers op Johannes de dooper.
De Loads.
Wrakseljen mei God.
Ynbylding.
Olive- en Ikeblêdden (greate samling, 221 siden).

Oarspr. proaze:

In leske yn opfiedkunde.
In net ûnnoflike dream.
In sauntal skriften mei mingelwirk.

Oersettings:

Latyn; Coniuratio Catilinae fen Sallustius.
Captivi fen Plautus.
Gryksk; Cyropaedie fen Xenophon.
Dútsk; Wilhelm Tell fen Schiller.
Angelsaksysk; Wetten, wirden fen kening Arthur, de Séfaerder.
Fierders ytlike út Noarsk, Deensk, Platdútsk, Frânsk, Italiaensk, Hollânsk.

Toaniel:

In frjemde ein yn 't bit.
Sa giet it.
De ûndergong der Fryske frijheid.

Fen syn psalmen lit ik hjir folgje syn „Oertinking” oer de tongerpsalm (XXIX):

OERTINKING.

Psalm XXIXa,

De Heare is op komste yn syn grimhitigens! . . .
It swark bilûkt alhiel, de loftren rinne gear
En wirde oerstjûr, ûnrêstich, steaplje op
En trilje for Syn lûd, Syn freselik gebear.
De Heare komt en hen! in earste sein wirdt jown
Troch flugge winen, dy syn kommen dêr forklearje;
't Onmietlik wetterrûm het tynge krige en
Al fierder flecht de stoarm, det men Syn komste earje,
Holboljend fierder, fier de djippe flakten yn
Fen woestenijen dy dat inkle wird fornimme,
En op de flecht siaen det men 't fierder 't witte kin
De greate ierdske oer fen east oan westerkimme.

O freeslik is de komst' der heechste Majesteit!
Bûch leech en dimmen del, o alle ierdske Machten;
Jaen glorie en jaen heil, en fiel den klear, en fiel
Jim' lytsens, der 't jim dochs Syn Greatens hjir net achten.
Bûch del, fal plat foarwer yn 't stof: de Heare komt,
En syn onmietsbre macht scil tel de ierde heare;
Forblikk' is jimme macht, o Greaten, en forkniesd:
Jaen oan God Zebaoth den sterkte en jaen eare.

De sênen fiele mei de marren djip it wird
Det fen de stoarm útgie en tille nei omhegen,
En brûzjend, skomjend stouwe wylde weagen foart,
En statte en treffe enoar, en lûke enoar omlegen,
Mar jeije wer foarút, wytskomjend mei gebear
En sels de dining fen it wetter fielt it triljen,
Allyk dy weagen dy hjar sette nei it strân,
En 't hele wetterflak is oandien, is oan 't riljen,
En teiknet sels yn djippe kolken ôf
It freeslik firmamint det fiûr en tonger spelle,
Sa spoakrich en sa swart, as gie de Hear foarby,
Omfiemjend weach oan weach, se fen syn komst fortelle.
Noch gie gjin Hear foarby; 't wier louter 't earste sein!
Onrêstich mei it swark der driuwe ek en jeije,
En wetterkoppen stouwe en gûle mei gebear
En tsjustre wolkens sels it sinneljocht forjeije.

Al helle stoarm ek oan, al gûlt dy mei gebear,

Skûmbekket ek de mar en giert de woestenije,
Strak sakket hja ta'n briis, den ta in bolle wyn,
En yn det leaf gesûs scil de ierd syn Heare krije.
Doch noch is alles swart en spoakrich en de wyn
Raest bolderjend en pakt de ceders det se knikke,
En tilt se en wrikt mei krâft, en ploft se mei in smak
Op 't skodzjend ierdryk det nou kleije mei en snikke.

De bergen skodzje op hjar fêste pylders en
Hja trilje en beevje op it foetstik, ho 't hja bôgen
Op himelsheechte en op sterke en greatens, ear',
En ek it cederbosk slacht der yn ljochte lôgen.
It ierdryk beev't en skokt en skrikt; de fêste groun
Trilt as in popelblêd en lûkt yn djippe tearen;
Gniist sa in ûngroun hjir, der krinklet ek de groun,
O de ierde beev't en bûcht for Aller Hearen Heare.

De skrik slacht ek it dier; de bange réen gean
Yn kloften op de flecht om earne skûl to finen,
En freze slacht hjar oan yn 't hetsich yngewand,
En driuwt de frucht ûntidich ôf. De pinen
Fen kreamenswea net fielend, gean hja dol
De woestenijen yn en lokje oare kloften,
Hja freezje Syn gesicht en 't hiele ierdryk fielt
Syn komste as woestenije, as bergen en as loft.

Oanteikening by side 26 rigel 21:

Men wit, det ik, dy't yn Waling Dykstra wol net in kinstner, mar dochs in great Fries wit to sjên, der alhiel gjin biswier tsjin haw det men him mei in tinkstien earet, binammen net, as men sok in hildeteiken, lyk as de foarsitter fen it Alde Selskip oanjoech, winsket to biskôgjen as in eare oan al de striders for it fryske sin en for ús tael. Mar earnestich kom ik der tsjin op, det as men it teiken ynwijt, der minsken oan 'e foet derfen stean scille, dy't Dykstra, do't er yet yn libben wier, op de minste en húnlikste mannear misledige hawwe, omdet dit ûnoprjuchtens is en ljeagen, en sa hiel hilde hjar wearde binimt. Ik neam hjir nou allinnich de hear Hof, dy tsjinwirdich om Dykstra tsjin my út to spyljen, oankomt mei alle mûlke wearzige flaeikerij oer de âld man, en dy't eartiids Walingom sa bistokele, det dizze tsjin ien fen myn frjeonen hwaens namme ik ré bin to neamen, him útljet: „Jan fen 'e Gaestmar is it, dy't my noch ris yn 't grêf helpe scil.”

Om 't ik boppe Dykstra syn grêf gjin striid oangean wol, ear 't ik der ta twongen bin, scil ik fen alles hwet my yn dit stik fen frjeonen en forearders fen Walingom to witten dien waerd, hjir neat near meidiele. Mar as ik sjuch en fornim, det skielk der wer ljuwe, dy't eartiids de Holwerter leechlein hawwe en bisocht, him op 'e eftergroun to triuwen, bigjinne to bearen oer hjar Dykstra-ljeafde om dy tsjin ús skreppen en skreevjen út to spyljen, den scil ik my oer de gefolgen net bikroadzje, en iepenbier meitsje, hwet my winskelik taliket. As men lyk as de hear Canne, rountrantet det men nei de ôfstjerte fen W. D. in lang tillegram oan syn famylje stjûrd hat, en den mient det soks yen nou dochs ek wol rjucht op in plak jowt yn 'e redaksje fen Slj. en Rj., och soks is faeks hwet berneftich, mar dochs net min ef gefaerlik. Mar der binne oare dingen—en ik wit hokker minsken by it lêzen fen dizze oanteikening bleek om hjar noas wirde. Hja begripe dos nou, hwer 't hja hjar oan to hâlden en hwet hja nei to litten hawwe.

Oanteikening by side 23 rigel 16.

Dit briefeforkear liz ik de lêzer hjir foar mei de frage, eft der fen my net alles ûndernommen is, om yn dit stik fierdere strideraasje to mijen, en eft ik yet fierder gean kinnen hie, sûnder ûnwier to wirden en my sels to koart to dwaen:

Ljouwert, 23 Sept. 1915.

I. Oan 'e Hear D. Kalma.

Ik forsikje Jo, de neifolgjende forklearring op papier to bringen, to datearjen, en to ûnderteikenjen, en se my den takomme to litten:

„Ik forklearje hjirby, yn to sjên, det ik in myn kryptyk yn 'e Ljouwerter krante oer it wirk fen 'e hear Hof (Jan fen 'e Gaestmar) fiersto fier gien bin, en ytlike wirden brûkt hab, dy't ik net brûke moatten hie. Ik forklearje fierders det soks my moeit.”

Ik scil ont Tiisdei 28 Sept. ta tiid dwaen. Hab ik de forklearring den net, den scil ik my wer as frij man biskôgje.

Op útstellen om foroaringen it stik oan to bringen scil ik net yn gean. Fierders moat ik frij habbe en hâlde, om der mei to dwaen hwet ik wol.

De hear Sytstra scil jo dit brief tastjûre. Ik ried jo oan, om der mei him oer te praten, as jy der ut jo sels net ta komme kinne om to dwaen, hwet ik Jo hiir forsikje.

(w. t.) J. J. HOF.

Ljouwert 26 Sept. 1915.

II. Oan 'e Hear J. J. Hof.

As de winsk, ta oerienstimming to kommen, by Jo like oprjocht is as by my, hweroan ik nei it lêzen fen Jins brief wol efkes twivele haw, den liket it my dochts ta, det wy mei bombaerje fen oratorske forklearrings krekt neat birikke scille, en det allinnich in ein makke wirde kin oan 'e fen ús fierde polemyk, trochdet ik as myn bitinken útsprek, det ik to'n earsten Jins wirk as Frysk skriuer dúdlikernôch bihânnele haw en trochdet Jy utering jowe oan Jins miening, det ek Jy fakernôch opkommen binne tsjin myn kritiken en de hiele jonge biweging. Hwent it is hiel klear, det as Jy foart farre mei it iepenbier meitsjen fen stikken as „De nije rjochting ensf.,” ik forplichte wêze scil, net langer as kritikus en like min for my sels, mar as lieder fen 'e jonge biweging en for ús bigjinsels, yn in rige nije artikels dêrtsjin op to kommen. Om 't Jy sels forskate kearen forklearre hawwe, yn letterkindige opfettings net sa bjustere fier fen ús ôf to stean, en sels njonkelytsen ek wol ynsjên moatte, det Jins oannimmen fen liedende tachtiger ynfloeden hielendal ynkrekt is—it scil jo faeks bikend wêze, ho't men likernôch 1885 de jonge ljuwe der jimmer fen biskildige, det hja ienfaldich de greate Ingelsken út Shelley's tiden neifolgen—scoe ik sikerwier net bigripe kinne, hok for biswieren der yet tsjin sok in modus vivendi bisteane.

